


13-2-94



TSKIEPPE~ STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Colofon 't Skieppesturtsje

18-e jiergong - nûmer 2 - april 1994

Jubileumnûmer y.f.m. it ferskinen fan it 100-e Skieppesturtsje

Redaksje:

Ineke Feenstra-Sybesma
Sytske Dijkstra-Bouwhuis
Richtsje Speerstra-Bakker

Gerben Wijnja

Joop Nota

Typiste:

Gjettje Dijkstra-Van der Veen

Stensilwurk:

Henk van der Zee

Omslach:

Albert van Lingen Jr., Wergea

Redaksje-adres:

Ineke Feenstra, Singel 2, 8765 LL Tsjerkwert (tel.05157-9277)

Bankrelnasje:

Rabobank Boalsert, gironr. 85.68.29, t.n.v. Rabobank Bolsward
Rek.nr. 3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturtsje, Tsjerkwert

Foarwurd fan de redaksje

It hûndertste Skieppesturtsje is klear!

Ja, de measten fan jimme hawwe no al 100x in krantsje yn'e bus kriegen, dat betsjut dat der 100x gem. 210 krantsjes = dus 21.000 krantsjes de doar út-gien binne !

Hoe is it eigenlik kommen dat hjir in doarpskrante kaam? Op 'e jiergearkomste fan it doarpsbelang yn jan. 1977 waard oerienkommen in doarpskrante út te jaan, om sa it ûnderlinge kontakt te fersterkjen. Der binne daliks 5 minsken oansocht om de redaksje te foarmjen. Dit wiene: Henny Leigt, Wyke Blanksma, Jan Melchers, Rients van Buren en Jan Dijkstra.

Sa ferskynde yn maart 1977 it earste nûmer.

De redaksje makke yn dit nûmer kenber, dat se rekkenen op 'e meiwurking fan ynwenners fan Tsjerkwert, en dat jilde foar "âlde, nije, sleauwe, dryste, jonge, stive, aktive, slûge, humoristyske, reade, grize, fine, koartoandraaide, grauwe, earlike en tûke Tsjerkwerters".

Fierders wurde der frege om in namme foar dit krantsje te betinken. Ek wol de redaksje graach stikjes oer it ien of oar, jo meije "slyme en stikelje", mar de namme moat wol bekend wêze by de redaksje.

Fierders stie der yn dizze krante: in stikje fan 'e iisferiening en in program fan de oranjeferiening foar it keninginnefeest. Ek stie der in fraachpetear yn mei "Harmen de Boer, de meast dekorearre man fan Tsjerkwert" en hirnei folge in gedicht foar Harmen de Boer troch it jongste korpslid: Roelof Bakker.

De nije ynwenners fan doe wiene:

Rients en Anneke van Buren
Harry, Hilly en Carolien Draaisma
Dirk en Akke Tjalsma
Corrie en Tine Kooistra
Meinze, Janny en Ankje Poelstra
Cor, Annie, Roelien, Margreet, Perry en Anneke Goeman

Ek wie der doe al in rubryk boargerlike stân. Berne wiene:

Eduard Yep Witteveen en Johannes Ouderkerken.

En as lêste: de snysnaren, wêryn û.o. Albert fan Lingen fergeat de tekken ûnder de motorkap wei te heljen.

Yn it twadde nûmer krike ús krantsje in namme: It Skieppesturt-sje! Dizze namme wie betocht troch: Sietse Bakker, Henny Postma, Harm de Boer, J. Huitema en Michiel Galama.

Ek krike it krantsje no in "jaske", makke troch Albert van Lingen jr.

Fanôf it 6de nûmer krije wy in nije fêste rubryk en wol fan ús doarpsomropper de hear Freerk Schakel.

Dus Schakel hat no al 95 bydragen leve en dat is it neamen wol wurdich, want begjinne is neat, mar salang folhâlde wol. Schakel, hjirby wol wy jo fan herte betankje en we hoopje dat wy oer 5 nûmers ek jo 100ste bydrage pleatse kinne!

Yn it 7de krantsje wurdt skreaun oer de earste "Skieppesturt fan it jier", dy't útrikt is tidens de muzykútfiering en wol oan Jan Blanksma, foar syn ynset foar it kulturele libben yn ús doarp, m.n. Jeugdkoar, Oranjeferiening, muzykkorps en iisferiening.

Hjirnei sil elts jier in "Skieppesturt" beneamd wurde.

Oer it jier 1978	Freerk Schakel
1979	Gurbe Brandsma
1980	Brandt Volbeda
1981	Freerk Schakel
1982	Jelte Speerstra
1983	It Skoalbestjoer
1984	Hein en Akke Gietema
1985	Janny Poelstra en Jelly de Haan
1986	Thea Dam
1987	Hylke Feenstra
1988	Jan Dijkstra
1989	de restauraasjekommisje
1990	Renske Bakker
1991	Anne en Thea Dam
1992	Roelof en Joke de Jong
1993	Sytske Dijkstra

Fanôf it 8ste krantsje is Marten Kikstra ús nij redaksjelid.

Mei Kikstra ha wy as redaksje in gesellige tiid hân.

It kaam faak foar dat we gjin snysnaren betinke koene, we sluten dan de fergadering en namen noch in slokje.

Tidens dit slokje kaam Kikstra los en sa ek de snysnaren.

Yn it 10de krantsje komt Sytske Dijkstra yn'e redaksje, dy't der no dus, nei 91 nûmers, útgiet.

Fanôf 1981 stelt de redaksje in wixselbeker beskikber foar de finer fan it earste ljipaaï. Dizze earste beker wurdt útrikt oan Jaap van Lingen dy't op 17 maart '81 it aaike fynt. Tenei wurdt dizze beker elts jier wer útrikt en wol oan:



1982	Jan Blanksma	
1983	Jaap van Lingen	
1984	Bernard Algra	
1985	Jaap van Lingen	1990
1986	Tsjalke van der Meer	1991
1987	Jaap van der Wal	1992
1988	Jan Blanksma	1993
1989	Hylke Feenstra	1994
		Tsjalke van der Meer
		Jan Blanksma
		Jelle Brandsma
		Bouwe Speerstra
		Jan Blanksma

Yn 1982, 5 jier nei it earste krantsje, kinne wy Richtsje Speerstra wolkom hjitte yn'e redaksje.

Oant 1983 ta, is it type- en stinselwurk altyd tige kreas dien troch Ineke Dijkstra. Tenei sil Klaske van der Weg dit dwaan, mar om't sy al gau ferhuzet, wurdt it tenei dien troch Thea Dam. Eknij is it, dat der no tenei plaatsjes yn ús krantsje komme.

Ein 1986 komt Ineke Feenstra yn'e redaksje.

Tidens de réuny yn sept. '87 wurdt der in ekstra Skieppesturt útrikt. Nei in ferske en in dûnske troch de redaksje wie dizze eare foar mefr. Pietsje Mulder út Amearika.

Yn 1988 komt der wer feroaring yn'e redaksje. Mefr. Phün v.d. Berg sil ús tenei bystean en fanôf 1989 sil Gjettje Dijkstra it type- en stinselwurk dwaan.

Yn 1991 komt Gerben Wijnja en yn 1993 komt ek Joop Nota yn 'e redaksje.

Dit wie yn it koart in oersicht fan de 100 Skieppesturtsjes, wat de redaksje oanbelanget.

Fierder wol ik noch even kwyt dat Jan Blanksma op 15 mrt. it earste ljipaaï fan Tsjerkwert fûn hat en wol achter op Yms-wâlde. Foardat hy it oppakte, hat hy fan alle kanten it aaike yn'e nestke besjûn, hat it doe meinommen en is hastich nei de redaksje gien. De wixselbeker stiet no dus foar de 4de kear by fam. Blanksma. Lokwinske Jan!

As lêste wol ik de redaksje fan It Skieppesturtsje fan herte lokwinskje mei dit 100ste nûmer en ik soe sizze op nei it 200ste!

Wolkom fanôf dit plak foar Henk van der Zee, dy't tenei myn plak yn'e redaksje ynnimme sil.

Hjirby winskje ik jimme in protte sukses ta.

Sytske.

Van de dorpsomroeper

Pasen.

Jeruzalem mogen binnentrekken achter hun Heer aan, die dan niet meer weent. Ook dit jaar was er weer een Paasmorgen, evenals bijna 2000 jaar geleden en waar de dood is overwonnen.

Sindsdien zijn de jubelkreten niet meer verstomd. De laatste vijand is overwonnen. Als er ooit iets te vieren was, was het wel deze dag. Een dag die tallozen in hun leven, lijden en sterven tot troost is geweest!

En ditmaal als slot!:

Dat eens de Heer zal komen in deze wereldtijd.

En lang vervlogen dromen vertaald in werkelijkheid.

De volkeren zal dopen in liefde en in recht.

Daar mogen wij op hopen. Hij doet al wat Hij zegt.

Dat eens de Heer zal komen met allen, groot en klein
Die door de dood ontnomen reeds lang gestorven zijn,
Om ieder vrij te kopen die dan nog wordt geknecht
Daar mogen wij op hopen, Hij doet al wat Hij zegt.

Dat eens de Heer zal komen en heel de schepping juicht
De bloemen en de bomen, de zon de maan zich buigt
De wolf het lam leert lopen, de leeuw niet langer vecht.
Daar mogen wij op hopen, Hij doet al wat Hij zegt!

"In het verborgene van de Hof, aan't Kruis in stervensnood heeft Hij aan ons de weg geleerd, door lijden en door dood."

Mattheus 11:28

Komt herwaarts tot mij allen die vermoed en belast zijt, en ik zal u rust geven.

Paasmorgen in de Hof:

Ze hebben mijn Heer weggenomen
Met hun handen van ijzer en staal
En hun harten van steen die de taal
van de liefde nooit hebben vernomen.

Ze hebben mijn Heer weggedragen
En ik zie slecht het ledige graf
Zelfs dit weinige namen zij af:
Een dode, Gij wie ik kon klagen

Zij hebben mijn Heer weggeborgen
En nu zijn ze voorgoed van Hem af
Maar waar bleef Gods rechtvaardige straf?
Vol van de donkerheid in deze morgen.

Maria, Maria wie zoekt ge?
Deze morgen heeft d' aarde gebeefd;
Toen verliet Hij zijn graf want Hij leeft!
Zie, de Meester is daar en Hij roept je!



Wat er was en.....verdween van de plaatselijke middenstand van de afgelopen ruim 50 jaar.
Die, hetzij door overlijden, gebrek aan opvolger of naar elders vertrokken, of om reden dat de kosten vaak bleven stijgen en de baten op hetzelfde niveau bleven met gevolg dat ze de zaak maar gingen sluiten. En over deze lieden gaan deze bijdrage. In de hoop dat mijn denkraam niet te veel beslagen is.

Vanaf de brug de Waltaweg op en wandel maar mee.
Huis fam. Brandsma: Fam. Steiginga manifacturen en zuivelhandel
Huis mevr. Wijngaarden: B. Volbeda aardappel-groente en
fruithandel.
Huis gez. Bakker : Damsma's bakkerij.
Huis fam. Dijkstra: Fam.de Jong schoenmakerij. Later naar
Waltaweg 33.
Huis mevr. Gietema: Sj. Zwaagstra, kruidenier - fourage
Huis fam. Wijngaarden: Slagerij later door fam. B. Bakker
nog een aantal jaren voortgezet.
Huis A. Buma : kruidenierswaren -fourage en klompen.
Huis fam.Nota: F. Jorritsma petroleum- brandstofhandel -
broodventer.
Huis fam. Witteveen: Café de Vlijt - wagenmakerij
carrosseriebouw - busonderneming Wed. Zwaagstra
en Zn.
Huis fam. Hofstra: R. Bakker, slagerij - veehouderij - melk-
handel en als laatste S. Postma alleen slagerij.

Vervolgens gaan we naar de Kerkstraat, Kade en Singel.
Waltahuis : Voorheen Café-stalling en biljart annex kruidenierswinkel. Paardenstalling, St. Velds,
Sj. Zwaagstra, D. Rusticus.
Huis fam. de Boer: Fam. Draaier en later Bonnema rijwiel-reparatie- speelgoed en huishoudelijke artikelen.
Huis fam. Galama: De Jong's bakkerij gesloten wegens ver-
trek naar Bolsward.
Huis fam. Schakel: voorheen kruidenierswinkel L. Reinsma-
J. Sietsma. Vanaf 1946 F. Schakel's aardappel-groente -en fruithandel. In de jaren '60 eveneens gesloten.
Huis fam. W.Bakker: Walstra aardappels-groente-en fruithandel.
Huis fam. Huisman: Schildersbedrijf De Beer - Bouwsma en
Kaspersma, v.d. Meulen en de Rijke.
Huis mevr. Kuipers: R. Koster vracht- en vevervoer, brandstof-
handel. Vervolgens woonde er koopman Tj. Wijn-
gaarden die verkocht huishoudelijke artikelen,
potten en pannen en handel in lompen en metalen.
Twee turforschippers waren er: A. de Vries en Horjus.

Wederom van huis tot huis
de hartelijke groeten van

de dorpsomroeper.



Fan ús âld-redaksjeleden

- 100 x -

Hûndert nûmers lyn begûn ús doarpskrantsje súnder namme en súnder kaft. Ik krike doedestiids fan in man út Snits in bryfke mei de meidieling dat begjinnen neat wie, mar dat it op oanhâlden delkaam.

It earste nûmer bestie út 8 siden en it artikel oer Harm de Boer - 55 jier lid fan Eensgezindheid - naam it measte plak yn. De earste redaksje bestie út Henny Leicht, Wyke Blanksma-vd Witte, Jan Melchers, Rients van Buren en Jan Dijkstra.

It twadde nûmer krike in jaske en dat is altyd sa bleaun. Yn 1977 skriwt it tredde krantsje oer it 75-jierrich bestean fan 'e skoalle en de gearstalling fan 'e tariedingskommisje foar de ruilferkaveling.

Us doarpsomropper Freark Schakel die ek al gau Syn yntrede as columnist en hy wie sa trou as wat: mei koarten de hûndertste "bijdrage". Freark lies syn wûrk earst foar, meastal aan Sytske Dijkstra.

De redaksje wiksele yn dy 18 jier woiris, mar net faak. Oer it algemien wie de ienriedichheid grut. In protte minsken binne yn 'e rin fan 'e jierren tige earnstich beskreaun; yn 'e snypsahren gyng it almeast wat loftiger ta.

Inkelde Underdielen binne nea feroare.

Blide boadskippen wiene der as der in poppe berne waard; jubilea waarden neamd; mar ek wiene der minsken dy 't ferstoaren, soms noch tige jong.

Snypsahren binne der ek altyd bleaun. Fierwei de measte minsken seagen de humor der wol fan yn. Us doarp wie tige doarps en dat heart ek sa. Aktiviteiten fan 'e redaksje wiene it takennen fan in wikelbekker foar it earste lijipai.

De takkening fan "Skiëppesturt fan it jier" is eltse kear wer in ferrassing en in hichtepunt foar de winner.

Hulde aan begraafenisferiening (brûken fan 'e hege huodden), fa. van Buren (skieppefachten) en de redaksje foar dit inisjatyf.

De "nije" tiid is lykwols ek net aan ús doarpke foarby gien. De redaksje mei sa ienriedich wêze as wat, de geast yn ús doarp is derop meardere terreinen net better op wurden. Op ekonomysk terrein gyng men foarby aan 'e belangen fan bedriuwfen yn ús doarp, twaspjalt wie it gefolch. Fan listen mei hantekeningen kinne wy net libje.

In 'e edukative sektor wie ek it nedige skeel, gelokkich mar dat pjutten noch gjin weet hawwe oer it hâlden en dragen fan memmen.

De tsjerke, dy't de neisteleafde heech yn it faandel hat, kin der ek wat fan. De nije dûmny moast earstdeis alris oer Hannelingen 7: 51-60 preekje!

En dan te betinken dat wy 1994 binne

Hawar, in lokwinsk aan 'e redaksje is yn elts gefal op har plak en ik hoopje dat se der yn slagje noch mannich Skieppesturtsje út 'e pinne komme te litten.

Richtsje Speerstra, Joop Nota, Ineke Feenstra, Gerben Wynja en Henk vd Zee, in protte sukses ta-winske foar de takomst fan "jimme" Skieppesturtsje.

Jan Dijkstra.



Een felicitatie met uw 100^e-editie uit Sint Nyk

Als een ieder nieuws, sport, commentaar en bijzondere ontwikkelingen heeft te melden, is "'t Skieppesturtje" snel gevuld. Is dit niet het geval, dan rust er een zware taak op de Redactie, om zelf in de pen te klimmen.

Toch hebben jullie een prestatie geleverd van formaat, door de 100e editie het "levenslicht" te laten aanschouwen.

Wij lezen jullie "Skieppesturtje" met veel plezier en blijven zo op de hoogte van het wel en wee.

Tevens was ik één van de redeactie-leden uit het prille begin. Ongeveer 15 jaar geleden zijn wij verhuisd van de Bolswarderweg 1A te Tjerkwerd naar de Kempenaerlaan 6 te St. Nicolaasga.

Thans kunt u mij maandelijks aantreffen in het Friese Zakenblad "Ondernemend Friesland". Hierin heb ik een eigen colum, onder de spraakkmakende titel "Friesland in beweging".

En dan wordt je gevraagd door Ineke Feenstra om iets te schrijven voor jullie blad. Natuurlijk heb ik diep moeten nadenken, wat zal ik de Tjerkwerders schrijven.

Waarom naar St. Nicolaasga...

St. Nicolaasga, of kortweg St. Nyk, heeft bijna 3.000 inwoners, en is de tweede plaats in de bloeiende Gemeente Skarsterlân. In St. Nyk en omstreken is veel bedrijvigheid en dat heeft doorgewerkt in de omvang van het kantoor. Op korte termijn zal er een nieuw kantoorpand worden gerealiseerd.

Ook privé zijn er hoogtepunten te melden. Twee dochters zijn geboren, Julia (7 jaar) en Marjan (3 jaar). Wij zijn dankbaar en we genieten met hun in goede gezondheid.

Ook moesten wij de andere kant van het leven ervaren. In Tjerkwerd moesten wij dierbaren naar hun laatste rustplaats brengen. Dit heeft bij ons een diepe indruk achter gelaten. En toch moeten wij samen de draad van het leven weer oppakken. Dit is voor een ieder niet even gemakkelijk.

Vanuit onze bosrijke, waterrijke en bloeiende omgeving St. Nyk, wensen wij u veel gezondheid toe en met name de Redactie van dit blad.

Met een vriendelijke groet.



Jan Melchers
St. Nyk

Tjerkwerd

In 1977, tijdens een dorpsbelang-vergadering, is het idee ontstaan om een dorpskrantje uit te geven. Men vond dat er meer informatie tussen de verenigingen en dorpsbewoners moest komen, zodat men dan beter wist wat, waar en wanneer er iets georganiseerd werd. Natuurlijk verzorgde de krant naast dit alles al gauw het algemene dorpsniews, zoals geboorte, overlijden en huwelijken. Maar vooral niet te vergeten de snypsnaren. (die de redactie, maar ook de lezers heel wat hoofdbrekens hebben bezorgd.) Dit alles stimuleert het dorpsleven, toen, maar ook nu nog steeds, want het "sturtsje" wordt met plezier gelezen. Nog steeds denk ik met veel plezier terug aan de Redactievergaderingen die meestal erg laat werden. Op de vouwavonden moest er hard gewerkt worden : rechtvouwen, nieten (meestal waren de nietjes op) en dan nog het snijden, want de krantjes moesten netjes de deur uit. Dit snijden kostte soms bijna je vingers en gaf vaak blaren als je het washandje vergat (wat om de jarenlang kapotte handel zat). Maar op al deze avonden was de sfeeropperbest en werd er heel wat afgelachen. Redactie, ik wens jullie heel veel succes toe met "It Skieppesturtsje" en ik hoop met evenveel genoegen als ik in die jaren.



Rients S. van Buren.

Tjerkwerd

Voor mensen die altijd op het platteland gewoond hebben, zijn allerlei dingen die daar mee te maken hebben, heel gewoon. Allereerst de ruimte, de wijdté rondom, ook de afstanden, waar kinderen op jonge leeftijd al mee vertrouwd raken - fietsen door weer en wind naar school.

Het wonen in een dorp en alles wat daar bij hoort - de gemeenschapszin, trouwerijen of begrafenissen, ieder heeft er deel aan. Ook de burenhelp leeft hier nog sterk, het is de normaalste zaak van de wereld. En, eerlijk gezegd, ook wel eens de kleine vetes onder elkaar, het alles weten van elkaar, en soms het zich druk maken over allerlei onbelangrijke zaken.

Dit alles hebben mijn man en ik ondervonden toen we vanuit de stad naar Tjerkwerd verhuisden. Hoe vreemd was het voor ons de eerste keer een bruiloft mee te maken; geen receptie-bezoekje van 10 min. om je neus te laten zien, nee, de hele avond erbij en gezellig met koffie en een pilsje de vele "stukjes" aanhoren, die familie en vrienden in elkaar gezet hadden. Daarbij zoveel goede en leuke dingen, dat we er vaak nog over praatten als we thuis kwamen.

"Een compleet andere wereld" zeiden we wel eens en dat bedoelden we niet negatief. In het begin kenden we niemand, ook wij zullen misschien wel wat afstandelijk geweest zijn, maar dat duurde niet lang en zo is door de jaren heen toch heel beslist de band met Tjerkwerd ontstaan, nu niet meer als toeschouwer, maar als deelnemer!

Hoewel in een stad legio mogelijkheden zijn voor studie, vrije-tijdsbesteding, cursussen en noem maar op, geloof ik toch dat er in een dorp daadwerkelijk meer aan deelgenomen wordt. Misschien komt dat ook wel omdat elke activiteit weer een ontmoeting met andere mensen betekent. In een stad heb je uiteraard altijd mensen om je heen en die ken je niet, dus gaat ieder zijn eigen weg zonder zich veel om een ander te bekommeren. Dat houdt dus in dat je in een stad soms eenzaam bent dan in een dorp en vraag je je af of dit nou zo ideaal is.

Maar ik zou het over Tjerkwerd hebben en daar mijn gedachten over laten gaan. Nou dat is in een paar woorden gezegd: "ik ben niet alleen blij dat ik hier woon, maar ik voel me ook thuis in Tjerkwerd." Dat heb ik heel erg gevoeld met de dorpsreünie enkele jaren geleden.

Daar was ik toch enigszins als buitenstaander, maar heb er ten volle deel aan genomen. De warmte van het weerzien met al die mensen, die van heinde en ver hier heen gekomen waren om dit te beleven was een rijke ervaring waar ik van genoten heb.

Maanden was er aan gewerkt, gerepeteerd, georganiseerd en toen eindelijk de dag daar was en overal de vlaggen wapperden onderging ik dit ook min of meer als een feest waar ik deel van uitmaakte.

Nu is het de 100ste keer dat de "Skieppesturt" verschijnt en begrijpelijk dus dat we eens even terugblieken. Ik weet nog hoe leuk we het vonden om het eerste krantje te lezen en dat blijft leuk, ook na de 100ste keer! Een reden dan ook om de redactie heel hartelijk geluk te wensen en ik hoop dat "It Skieppesturt-sje" nog vele jaren in de bus mag glijden, zodat we goed op de hoogte blijven van alles wat er gebeurt in ons geliefde dorp Tjerkwerd.

Phün.

Ald-Skieppesturten oan 't wurd

Door Harmen de Haas, geboren te Eemswoude, 2 juli 1901.

Mijn vader, Jetze de Haas werkte bij boer Posthumus en woonde met mijn moeder, Trijntje Haas-Jorritsma in een arbeidershuisje op het erf van de boerderij. Ik ben daar geboren en mijn vroegste herinneringen heb ik van de leeftijd van ongeveer vier jaar, toen ik spelend in de stal uitgleed en mijn been brak. Mijn moeder moest toen met mij in een kinderwagen naar de dokter in Bolsward om het been te laten zetten.

Dat was wel een half uur lopen, maar we werden met een rijtuigje teruggebracht, omdat er in die tijd nog geen taxi's waren. Het was gekomen toen ik in de stal, waar een waterpomp was, even wilde proeven hoe dat water smaakte. Maar doordat de stal juist was schoongemaakt was de vloer nat en glad en gleed ik uit toen ik wijdbeens bij de pomp ging staan om een slokje te drinken.

De Eemswouderlaan liep bij de boerderij, waar nu Siebren en Trijntje Miedema wonen en werken rechtdoor en met een scherpe bocht naar linksachter de plaats om. Vlak voor de woningen was een klein brugje met een dam, waar je langs moest als je door het land naar Tjerkwerd wilde lopen. Het moest natuurlijk mij weer gebeuren dat ik bij het passeren van die dam in het water terechtkwam en met een nat pak naar moeder toe moest.

Pake en Beppe de Haas woonden in Wolsum en op een keer toen mijn moeder door het land van Eemswoude naar Wolsum liep werd zij door een stier omver geworpen en kon zich amper redderen.

Later woonden wij in Tjerkwerd, in het "Heechhûs"; de verhuizing vanuit Eemswoude deden we per praam, ander vervoer was moeilijk te krijgen. De straatverlichting in Tjerkwerd was naar ik meen met olie, de gaslantaarns kwamen pas later. Met een vriendje zochten we naar wat vertier, en wat was nou spannender dan het mikken met stenen op de ruiten van die lantaarns! Maar wij wisten niet, dat ons spelletje was opgemerkt door politieman Jaarsma, dat zou later blijken; na de maaltijd zei ik tegen mijn vader; "Ik ga vanavond maar vroeg naar bed, ik ben niet zo lekker." Maar ik lag nog niet zo lang op bed, of politieman Jaarsma kwam aan de deur en toen begreep m'n vader dat er weer kattekwaad was uitgehaald.

Hoe dat afleip laat zich raden!

Inmiddels werkte mijn vader bij Pier Burghgraef op Jousterp en had van de diaconie een woning gekregen aan de rand van de terp van boer Gietema op Rytseterp. Onze buren daar waren de fam. Teake Kooijenga. Vorig jaar zijn we nog bij Haye en Hinke op visite geweest en dat was een prachtige dag!

Misschien mag ik tot besluit van dit stukje Haye en Hinke hartelijk groeten, en alle lezers van deze bijzondere uitgave van "It Skieppesturtsje" het beste toewensen.



Harmen de Haas, Bejaardenhuis "de Molenburg"
Groningerlaan 12 - k.216
2036 EN Haarlem tel. 023 33 50 72

Mei de groetnis út Huylckenstein

It is al 60 jier lyn dat de beide âldste dochters fan Meindert Boersma, slachter en koopman, Tsjerkwert ferlitten ha. Anna troude mei Geart Bosch en Feikje mei Jan Sikkes, Warkum (wêrt krekt in stikje fan yn de L.C. stie).

Beide binne der net mear. Mar by de fam. Sikkes gean de saken troch. Geart Bosch stoar yn 1954. Yn 1960 bin ik mei Gerrit de Jong trouwd. Hy is yn 1989 stoarn, no bin ik yn Huylckenstein. Ik ha it tige nei't sin. Ik bin no 86 jier, wie alear kammeraatske mei Sietske de Jong. Wy ha in moaie jeugd yn Tsjerkwert hân. Wy wiene beide op it sangkoar.

Feikje koe tige moai sjonge. Sy song faak allinne, altyd mei toanielspylje, ek by de muzykferiening. Wy gongen dan nei Ymswâlde by Nanne de Boer en hiene in bulte wille.

Feikje wie 18 jier doe krigen wy noch in suske: Jettie, is letter trouwd mei Ubo Smid. Jettie is mar 42 jier wurden.

De groetnis van Anna de Jong-Boersma
Huylckenstein, keamer 15.



Sjongferiening : "De Lofstem" 1930.

Fan loft nei rjochts op 'e achterste rij:


Binkje Kuipers, Griet Schuurmans, Tine Schuurmans, Hinke Wijngaarden, Feikje Boersma, Gerrit Draayer, Griet Draayer, Anna Boersma, Anna Poelstra, Griet de Jong, Tryntje Sietsma, Sytske Bakker, Sytse de Jong, Tryntje Syt-sma, Hessel Bruinsma, Eeuwke Reitsma.

op de twadde rij:

Atje Kuipers, Siemen Bakker, Thomas Wiersma, Binkje Haagsma, Aagje Woudstra, Anna Bosma, Tietje Visser, Janke Woudstra, buschauffeur, Akke Visser, Gelfke de Boer en Tjalling de Boer.

Foaroan:

Harm Bleeker, Unbekend, Gerrit v.d. Berg, Willem Zwaagstra, Gatze Schakel, Henderik Bootsma en B. Bootsma nei Gaasterlân. Jan Sikkes neist Thomas Wiersma.





Fan lofts nei rjochts; Faber (ferfier), Yme Oosterveld, Hotske Schakel, Siemen Bakker, Hinke Hoekema, Jelle Engelsma, Hiltje Hoekema, Binke Hoekema, Anna Boersma, Rikele Zwaagstra, 3e rij; Botje Bakker, Dirkje Haagsma, Griet Zwaagstra, Sytske de Jong.

In wierheid út eigen doarp

Beropsaaisikers sykje net better as gewoane aaisikers, se ha in oare driuwfear. Sa'n spultsje is't ek mei beropsskriuwers. Sa gau't it fergees moat, of sadree't men wer gewoan profheet is yn eigen doarp, hat men der wol aan en krij it op papier.

It is foar in skriuwer-journalist faaks noch makliker en meitsje in ferhaal foar in kwaliteitskrante as Le Monde as foar jins eigen doarpskrante. Skriuwe foar dizze "Tsjerkwert Herald Tribune", dat bestjut wat. Elke lêzer is in ûnmeilydsume resensint, en sa heart it. Is dat net de krêft fan de Skieppesturt? De lêzersbining is sterker as dy fan de alderbêste deiblêden.

Ik soe hjir fansels fertelle kinne oer Alde Gatske. Gerryts Gatske. En oer Paulus Zijlstra. Mar der binne oaren dy't harren better kend ha. Ik soe ferhale kinne oer de sfear op 'e boppen seal by in muzykútfiering, oer hoefolle klompen ûnder by de treppen Durk Rusticus stroffele eart er boppe wie mei in flesse advokaat.

Ik soe fertelle kinne oer master Siebe en syn Ingelske en Frânskelessen, oer de man dy't sa'n bulte foar my betsjutten hat. En oer Rinse de Jong en syn krewearjen. Wêrom soe ik net fertelle kinne oer Anny van der Meer dy't ús yn ús jonkheid ûntfallen is. Sa't wy se tehôf brochten.

Ynienen wiene wy bern-ôf. It is as hat foar my it doarp doe wat aan waarmte ferlern. Eat fan de mythe wie ferdwûn.

Alles wat ik oan ympresjes byelkoar swylje kin, is fan fóár dy oere. Mar bin ik by steat en lit de lêzer de rook opsnuve fan it âlde Tsjerkwert? De rock fan it nije hout yn de beide timmerwinkels, de rook fan de ferewinkel fan Bouwsma.

En fan de hússkilder Landstra (dy't sa op prins Bernhard like), de rook fan skroeiend hynstehoef yn 'e smidte, de swietrook út 'e beide bakkerijen. De lûden fan it skoalplein, de smaak fan de lynkoeken fan Reitsma en Zwaagstra. En dy fan it reinwetter op in waarme simmerdei, it reinwetter yn in amer dy't op 'e gong stie fan de âldskoalle. Want as it hiel waarm wie, mochten wy om'e oere in gimmearden kopfol bakswetter.


Ik soe 't noch oer it Aldhiem ha kinhe. Oer hoe grut dat plein noch wie yn 'e simmer fan 1945. Trijekear sa grut liket dat hiem yn myn oantinken. Der wie in iepenloftteater fan makke dêr't de iene helte fan it doarp aan mei die en de oare helte nei siet te sjen.

It sil wol it earste doarpsfeest nei de oarloch west ha. Boppe it toaniel, aan 'e tsjerkhôfskant, hong in grutte lears. de "Duitse Laars". In rychje spilers stie ûnder dy lears mei de holle foardel. Ik seach fansiden dat âlde Rintsje Koster skriemde. Dat it wie wol slim.

Ik begryp ek wol dat ik net by steat bin en skriuw eat op dat in elk al net op syn eigen wize belibbe hat yn it doarp fan syn dreamen. Gjin inkèl oantinken is hjir de wierheid, elk ferhaal is de wjerslachfan immens eigen, troch de tiid oantaaste wierheid. De Skieppesturt slaan ik noait oer, it blêd fertelt de Wierheid út in libben doarp fan dizze tiid. Lykwols elke kear merk ik wer hoe fier dit Tsjerkwert ôf-driuwt fan it doarp dat ik yn my draach.

Sa sil men wol noait los komme fan it doarp der't men foar 't earst nei skoalle gyng, fan it stee dêr't de wrâld him stâdich foar dy iepentearde.

Hylke Speerstra, It Hearrenfean.



It ferieningslibben fan doe

Jim fregen om in stikje te skriuwen foar it 100e Skieppesturtje. Allerearst tige lokwinske mei dit heuglike feit. Ik sil besykje wat te skriuwen, alhoewol it skriuwen en dichtsjen my sa goed net mear ôfgiet as froeger, mar dat sil wol wat te krijen ha mei de leeftiid.

Wat my noch altyd heech sit is it ferieningslibben yn Tsjerkwert. Dêr wol ik dan ek wat oer skriuwe.

Yn 'e 60er jierren wiene der ferskate bloeiende ferienings. Yn 't foarste plak de C.J.V. wêr't ik jierren lid fan west bin, it tsjerkekoar wêr't ik ek jierren hinne reizge en de iisklub wêr't ik skriuwer fan wie.

Mar, noch efkes werom nei de C.J.V.. Destiids sieten Ineke v.d. Meer, Sjoerd Poelstra, Ane de Boer, Germ Draaier en myn persoan yn it bestjoer. Foarsitter wie Willem Schakel. Ik ha noch in foto mei ús allen derop. Der wiene sa'n lytse 40 leden. We koene alles fan elkoar ha, spul ha we nea hân. We hiene ien kear yn it jier in toanielútfiering, dat wiene hichtepunten. Fierder kwissen en soksoarte saken.

Letter kamen Bertus Bruinsma en Tsjalke v.d. Meer yn it bestjoer. Sy hiene wer nije ideeën. Toulûke bygelyks op "it Aldhiem". We makken der in soarte arena fan. It publyk siet op de banken der omhinne. It wiene altyd tige slagge eveneminten.


As ik werom sjoch fyn ik dat ik in prachtige jeugd hân ha. Wat ha we moaie feesten belibbe en wat hiene we in wille. Ik wie soms mear yn Tsjerkwert as thús. Waar of gjin waar, fytse of rinne, òp nei Tsjerkwert.

Der binne no fansels ek noch wol ferienings yn it doarp, mar sa as dòe kin it hast net wêze. Mar tiden ha tiden fansels. Mei troch it ferieningslibben hat Tsjerkwert noch altyd in waarm plakje yn myn hert.

Ik hoopje dat it jim as Tsjerkwerters goed gean mei en dat jim krekt as ik wat fine meie by in feriening dy't by je past. In doarp kin der net sùnder!



Groetnis fan Bart Speerstra
Snits.



Een eeuwfeest.

Op 21 maart jl. vierde mevrouw J. Huitema-de Boer haar honderdste verjaardag.

Het is voor haar en de hele familie Huitema een onvergetelijke dag geworden.

Namens mem wil ik al die Tjerkwerders en oud-Tjerkwerders bedanken, die haar met dit heugelijke feit gelukwensten. Dit heeft haar en al haar kinderen heel goed gedaan.

Het was hartverwarmend.

Diny Huitema-Breteler.

Bedankt voor alle bloemen, kado's en kaarten bij de geboorte van Hanna. Ze is op dit moment alweer 3 maanden oud en alles gaat voortreffelijk. Het kado van de Sylroede is een mooie vierkante rieten mand geworden; voor het opbergen van het speelgoed. Nogmaals heel hartelijk bedankt.

vr. gr.

Jaap, Karin, Erna & Hanna Harkema.

Bylâns de trekfeart

bydragen oer minsken en dingen út Tsjerkwert e.o.
troch Gerben Wijnja

Haije Kooijenga op 'e tekst oer it âlde Tsjerkwert

It wie op tsien novimber fan it jier 1916 dat T.Kooijenga en R.Kooijenga-Folkertsma fan Arum in kaartsje aan famylje en kunde takomme lieten mei it boadskip: Wij geven U kennis van de geboorte van een welgeschapen ZOON. Dat wie Haije dus en dat kaartsje wurdt grutsk as in weardefol oantinken bewarre. "Myn namme stie der net iens op! Wat is der yn'e rin fan'e tiid dan al in protte feroare", fynt Haije dy't lykwols mei nocht werom tunkt oan'e âlde tiid. Op in middei yn 'e peaskefakânsje wiene wy by him en syn vrou Hinke op kofjebesite en doe fertrouden de bewenners fan de Ald-Hang ús hiel wat nijs gjirrige saken ta dy't yn dit jubileumnûmer eins net úntbrekke meie. In ferslach.

Fan Skuzum nei Tsjerkwert


"It wie dêr in moaie wrâld yn Skuzum. Der stie in âlde mole dy't ús heit mei Marten van der Wal syn heit ôfsbrutsen hat. Der kaam in wynmotor foar yn't plak. Miskien stiet it ûnderstik der noch wol fan, mar dat wit ik net. Spiti ch is it dat de houtmole der ek net mear is. Hy stie dêr sa moai oan'e Lytse Syroede wylst der eartiids noch mear bedriuwsmûnen stien ha: in papiermûne "It Springend Hart" dy't no noch yn Almelo stiet, twa houtmûnen, in semintmûne en in oaljemûne. Mar de lêste houtmole ha'k net mear op'e wyn warkjen sjoen. Dat gong al op'e motor."

De monumintale wjukkendragers wiene dus al opoffere oan 'e foarútgong. Dochs ried yn dy tiid noch de hynstetram fan Makkum nei Harkesyl. Haije hat der ien kear yn sitten en dat ritsje is him altiten bybleaun.

"Yn dy tiid rûn men wat ôf. Mem kuiere inkeld ris nei stêd, mar dy kears gong ik rinnende mei mem oan 'e hân nei Makkum om fierder mei de hynstetram te gean. Man, wat in belevenis, dat wie gewoan in feest! Mei it beurtfeartskip fan Van Dijk koest' trouwens ek yn Boalsert komme. Boppe hie it skip fracht te lizzen en ûnderyn koe men sitte, yn it plús hear. Troch Tsjerkwert kaam ek noch it fearskip Johanna Jacoba, dat wie fan Faber en dy ûnderhold in tsjinst tusken Warkum en Boalsert."

Mei fiif jier kaam Haije op Rytsebuorren te wenjen. "Dat siet sa", fertelt Haije wylst de vrou krekt in bakje kofje ynskinkt. "Sybren Schrale fan Skuzum koe wol in arbeider kwyt om't syn soannen der by yn kamen. Dat wie de pake fan de vrou fan Willem Schakel. Gatze Heeres (dy't op Rytseterp 1 wenne, dêr't Tjalke van der Meer no buorket) koe wol in arbeider brûke. Dat gong sa yn maaie. Mei in haiwein, sa'n gewoane houten wein mei in stek der om hinne, binne wy doe ferhuze. It hynder mar lûke en wy der neist rinne. It guod koe der ek maklik yn want yn dy tiid hie men noch net sa'n protte spul. Wy kamen te wenjen neist Jetse de Haas. It wie de helte fan sa'n dûbele wanning. Hein Gietema wennet der no. Hy hat fan dy huzen leau'k in soarte fan weinhok makke."

It hjerstige waar fan dizze maitiid lit him eefkes fan'e goede kant sjen. Moaie loftsen en folop sinne dogge fanachter de finsters leauwen dat it fakânsjewaar is. It wûndermoaie útsicht mei al



- De Johanna Jacoba fart troch it doarp Tsjerkwert. It skip bestiet noch en fart wer tusken Drylts en Snits nei't it yn âlde gloarje werom brocht is. Dúdlik is op dizze kaart ek te sjen hoe't de Ald-Hang der by lei mei dat hok oan'e dyk ta. Dat is letter troch de gemeente oernommen en ôfbrutsen om romte te meitsjen foar it trottoir. Yn ruil dêrfoar waard achterhûs in nij hok setten dat oant de dei fan hjoed goede tsjinsten bewiist.

dy toeristenbooten dy't stadich troch de finsterbank fol blommen skowe, leveret wer nije praatstof op. "Wat ha wy hjir dochs in moai plakje", lit Hinke grutsk witte. Haije stimt dêr mei yn en nimt noch in slukje fan'e kofje dy't hast al kåld wurden is fan al dat praten.

In ûndogens mantsje

Fansels komt ek de âlde skoalle op it aljemint. Haije moast altiten rinnende nei skoalle ta. Hy mocht fergees troch it tolhek dêr't Johannes Cnossen en Jelle de Vries doe wennen. Letter kaam Binkje har heit dêr. Oft al dat rinnen ek slim wie, fregen wy doe.

"Och hea, nee hear, want heit spikere autobannen ûnder de klompen. Dat rûn dan wol wat swier, mar dan diene wy de klompen moai út en dan rûnen wy op sokken troch it lân, mar dêr wie mem wer net sa wiis mei fansels. Fierder gong it by de trekfeart lâns, it trekpaad del, doe de brêge oer, de buorren troch en dan wiene wy der."

Haije siet by master Quarré op skoalle, dat wie de boppemaster fan de kristlike skoalle. Undermaster wie Miedema en letter De Graaf. Martens wie doe boppemaster en by it fan skoalle gean wie dat Stoffelsma.

"Ja, de masters warskôgen elkoar wol as se my yn'e klasse kriegen. Ik wie sa ûndogens as wat. Ik fûn der ek neat aan op skoalle. Troch de hege finsters koest' net iens nei bûten sjen. Neat wurdich. Gimmestyk waard yn dy tiid ek foar it earst op'e skoallen jûn. Dat wie ek nikks wurdich man. Wy draafden mar wat rûntsjes. Dan waard ik wer nei binnen stoerd. Ik lette ek faak net op. Dan kaam ik yn'e hoeke te stean en moast nei skoaltiid neibliuwe. Dan gong master nei hûs om kofje. Moast fansels net tinke dat ik dan yn'e klasse bleau. Nee, ik draaide in raam iepen en dan wie ik wer op'e dyk. As master letter werom kaam om my wer vrij te litten wie ik der ta syn skrik net mear."

Neffens Haije wie it learen net aan him bestege. It rapportboekje wurdt al gau foar't ljocht helle en grutsk lit er syn risseltaten sjen. Oer it algemien wiene de sifers net om oer nei hûs te skriuwen. In útsûndering wie der foar it fak Bijbelse Geschiedenis (dat wie soms wol goed foar in njoggen!) wylst ek de Vaderlandse Geschiedenis ta de bettere fakken hearde mei sânen en achten. Dochs wiene der kearen by dat der mear read as blau te lêzen wie. Doe't it ek noch yn't wetter foel, hie read alhiel de oerhân. As wy sjogge dat der achter Gedrag mar leafst in 7 stiet, dan mei it wol dúdlik wêze dat de master him de hân noch wat boppe de holle hold, want in ûndogens mantsje wie it wol! Dat wurdt prachtich yllustreare troch dit ferhaal:

De kroantsjepinne en it koalehok

"Der waarden yn dy tiid noch koalen yn 'e kachels stookt. It koalehok wie ynboud yn 'e âld skoalle. Om't ik altiten fuortrûn, bedarre ik op't lêst yn't koalehok.. Dêr koe ik fansels net útkomme. As dan lang om let de doar wer iepenswaide, moast' wol eefkes tsjin it ljocht kniperje. Mar dan wiest' sa swart as roet dat dan wist mem daliks wol hoe let oft it wie. De straf wie dat ik ek noch eerder op bêd moast."

"Hienen jo dat der allegear foar oer?" fregen wy doe.

"Ikke wol", klonk it fol oertsjûging, "want de oaren yn'e klasse fûnen dat sa moai. "Hy doart soks wol" waard der altiten sein en sa liet ik my dan mar wat opruie. Mar dat wie fansels ek prachtich. Men wie wat yn'e eagen fan 'e oaren en dêr hie ik wol wat foar oer hear. Dochs wiene der ek masters dy't wol op myn help rekkenje koene. Sa mocht ik bygelyks graach master De Graaf syn fyts poetse. Dat barde yn'e frije tiid, mar it skeelde fansels wol foar wa't ik it die. Mar it moaiste wat ik útheefde wie dochs wol dy kears dat ik oer de flier nei master taslûpte. De klasse fansels yn spanning wat der no wer barde. Fluch krûpte ik him tusken de fuotten troch en doe.. ja, doe prikte ik him mei de kroantsjepinne yn'e kont. Och wat wie dat moai. Dêr klasse lei slap fan it laitsjen, mar master wie knap boas, dat kinst dy wol yntinke. In flinke straf wie it gefolch, mar sa't ik al sei, de wille om it foarfal wie it wol wurdich."

Haije kaam mei 13 jier fan skoalle. "Ik ha earst it melken leard; ik wie dus boerefeint."




• Op'e klassefoto by master Stoffelsma yn 1929. Op'e foarste rige sitte: Ietje de Jong, Feike de Jong, Feite Reidsma, Jouke Reidsma, Sjoerd Buwalda, Auke Antonides en Jeltje Antonides. Op'e twadde rige: Haije Kooijenga, Otto Kooijenga, Akke Reidsma, Vogeltje Stoffelsma, Durkje Buwalda, Tine Antonides en Ieke Scheepsma. Op'e treddre rige: Frans Kooijenga, Ynte Tolmsma, master Stoffelsma en twa dochterkes fan him. Od'e fjirde rige: Hotske Postma, juffer Reitsma, Minnie Wijnia, Jannie Wijnia, Piet Tolmsma, Ynze Schakel, Auke Lootsma, Adam Lootsma, Hinne Lootsma en juffer Straatsma dy't hantwurkles joech. Op'e achterste rige: Rients Wiersma, Freerk Schakel, Willem Schakel, Auke Wiersma en Ytje Lootsma.

Bedriuwichheit

Hoewol it oansjen fan Tsjerkwert net folle feroare is, hat it strijttebyld wol gâns fernijingen brocht. Lûkse weinen en sa rieden der noch net. Haije wit te fertellen dat allinne de dokters en Schukken oer in auto besikten. Trottoirs saas no wiene der ek net. De huzen hiene in túntsje mei in stekje der foar, wylst oer de dyk kroaden en hynder en weinen gongen. Op'e trekfeart wie it ek in drokte fan belang, allinne hiel oars. De feartboaten en turfskippers bepaalden mei harren pufmotorke of brûntaande seilen it dekor fan dat langrekte doarpke bylâns de trekfeart. Tsjerkwert hie sels twa turfskippers: Keimpe Horjus en Alt de Vries.

Groot uit Tjerkwert



- In prachtich plaatsje fan in markant hoekje yn it doarp. As der sa'n man mei trijepoot en kast mei zwarte doek him yn it doarp fertoande dan rûn it folk nei bûten ta om de kâns oan te gripen op 'e foto te kommen. Soks wie wat bysunders. Achter de klapbrêge sjogge wy it Heechhûs. It oare grutte gebou is De Harmonie.

"Doe't ik 16 jier wie, kocht heit it hûske oan'e Waltawei. De Ald-Hang, sa't it doe ek al neamde waard, wie noch yn fjouwer wenten ferdield. Yn it hok oan'e dyk holden wy wat geiten en kninen. Der sieten twa kowestâlen op it plak fan de âld-hang. Yn âlde tiden moat de ielfisker der syn rikke iel yn hongen ha, mar alhiel wis is dat net. Turfskipper Alt de Vries lei by ús foar. Yn it hok hie er syn opslach foar de ferkeap hjir yn 'e buorren. Yn't skip lei it rom ek folg, mar dat waard fuortbrocht en by de minsken op souder stapele. Yn de oarloch stuts heit mei Marten van der Wal syn heit sels wol turven yn de Parregeaster Mar. De tekkens sieten dan lykwols fol flieën. It wie yn dy tiid fansels wol goud hè, dat men moast it spul wol binnen ha, oars waard it stellen."

De winkellju

It tilde ek op fan'e winkels. Dat brocht neffens Haije en Hinke in protte ferdivedaaasje en fansels it gemak. It kin yn dizze tiid fansels net mear: de stêd is te ticht by en dat ferklearret it tichtgean fan de winkeltsjes fan al dy lytse middenstanners dy't op't lêst gjin droech brea mear fertsjinnen mei harren krewearjen. Haije en Hinke witte se noch goed: "Wat no it Waltahûs is, wie eartiids De Harmonie mei in ûnder- en in boppeseal. Yn'e steech by Brandsma wie in doar en dêrtroch kaam men yn'e krudenierswinkel fan Steven Velds. Wy mochten dêr o sa graach hinne gean want vrou Velds joech de measte suertsjes, trekwerk hijitte dat. Wy seurden krekt sa lang oant mem sei: "Gean der ek mar hinne", wylst se leaver hie dat wy nei Eeuwke Reitsma gongen. Dy hie de winkel yn it hûs fan Buma."

Mar werom nei vrou Velds. Haije glunderet as er der oan werom tinkt: "Ik sjoch har noch mei de hân yn sa'n stopflesse omgraaien en ja, dan kriegen wy samar in hânsfol, man. Wat in weelde. Mar jo moatte al begripe dat sy wol graach in slokje mocht. Dat hie se yn'e theepot, dan foel it net sa op sjoch. Dat wie froeger sa no. Prachtich man. Dan wiene der ek noch Deelstra, dêr't no De Boer wernet. En fansels bakker De Jong en Damsma. Yn it hoekje by de tsjerke hie Draaier dan noch syn fytsmakkerij. Dêr't Schakel no wernet oan de Kade hie Louw Reinsma syn krudenierswinkel; letter kaam Sytsma der yn en doe hie Freerk der svn grientehannel. Ik ha foar Reinsma wol boadskippen rûnbrocht. Ek foar Deelstra wie ik wol yn't spier. Mei heiden biezems en hanskroppers sette ik it fjild yn nei de boeren. Yn'e ûngetiid ferkocht ik ek hiel wat griene earten en brune beannen. Dat wie stevich iten. Oars kaam der dan ek net op tafel fansels. De hiele dei hienen dy minsken yn't fjild ombealige. Kinst' dy begripe dat der dan iten waard!"

De gesusters Bakker wenje yn'e eardere bakkerswinkel fan Damsma. Elke winkelman hie syn eigen klanten; dat wie ek wol wat oan tsjerke bûn. It joech al mei al wol ferdivedaasje. De winkelman of syn feint kaam by de doarren lâns mei de boekjes en eefkes letter waard it al besoarge. "Dêr binne wy no wol ûnwennich fan. It kin fansels ek net mear, mar mei de SRV-man binne wy fansels ek wol wiis" lit Hinke witte. "As slachter wie der dan ek noch Sint Postma dêr't no de famylje Hofstra wernet. Boppedat hie it doarp ek in needslachterij mei Meindert Boersma en letter Binke Bakker. Frou Wyngaarden wernet der no. En yn de went fan de famylje Witteveen wie eartiids kafee De Vlijt mei in weinmakkerij dernjonken. Se neamdën it wol *de houten ferdommenis*. Hoe't se oan dy namme kommen binne, witte wy net. Hendrikus en Willem Zwaagstra begûnen híj in 1926 in busundernimming tusken Tsjerkwert, Parregea en Boalsert. En neist de kristlike skoalle wie der fansels ek noch de iepenbiere skoalle op it Aldhiem."

De wals fan Strauss en Haije Kooijenga


Mei tweintich jier kaam Haije by de wegenbou fan de Amsterdamse Ballast. Hy begûn as smarjonge mar brocht it op't lêst ta walmasinist. "En dat sûnder skoalle-oplieding", lit Haije grutsk witte. Hy kaam letter by P.C. Zaanen N.V. "Der wie folop drokte mei it oanlizzen fan nije diken. It ferkear oer de dyk naam ek sa ta", wit Haije te fertellen. It warkjen by de dyk befoel him pûrbêst ek al wie er dagen fan hûs. "Ik ha it hiele lân wol trochswurven, man. Prachtich wie dat. Ik ha ek noch in nije baan op it âlde Schiphol oanlein."

Doe't er yn '47 mei Hinke troude, wie er noch hielten by P.C. Zaanen yn't wark". In bysûnder oantinken bewarret er oan it lizzen fan in nije deklaach op in brêge yn Ommen. Wat Haije sa moai fynt oan dit wark is prachtich werjûn troch in ympresje yn *Ommer dingen van de dag*. Wy nimme híj in pear sprekkende fragmînten op.

Wat was het daar in de late namiddag, in de avond en de nacht een prachtige bedrijvigheid aan de brug toen talrijke arbeiders en de zware wals hun werk gingen verrichten. Te midden van de bewegelijke arbeiders met hun harken en grepen, stoomde de klos van een wals, als een voor mensen onaantastbaar stuk leven. En leven zat er in die kolos. Tot in het midden van de kom, kon je hem horen denderen, grommen en brommen, als ging er weer een zilveren streep van Engelse vliegtuigen door de lucht tijdens de bezetting. Machtig rolde het gevaarte over de hete brij, welke zich schurend, knarsend en barstend moest wringen in de bochten, waarin de kolos haar verpletterde in zijn vreeswekkende lompheid. Traag zijn zijn bewegingen maar uiterst gereserveerd reageert hij op de aanwijzingen, welke hem door een snelle hand en een nagenoeg alziend oog worden gegeven. Doch komt hij in beweging, dan is hij onweerstaanbaar en hij vertrapt alles wat voor zijn logge lichaam komt. De snelle hand stuurt het reusachtige gevaarte waar het zijn moet en geen vierkante centimeter ontkomt aan de dwang van deze macht. Oan de overkant van de weg flakkert een vuur in een ijzeren gestel en de vlammen passen geheel in dit zwarte werk van macht en kracht en verplettering.


Dan rijdt de vrachtwagen aan en zet z'n laadruimte in de hoogte. De kokende en koekende brij glijd als een dampende lavastroom op de weg en nog glijd de massa, als de arbeiders zich als hongerige wolven op hun aas storten en met grepen vol de zwarte hoop verdelen over het nog ongerekte wegdek. Ze schijnen handen te kort te komen, want in ijlttempo vliegen zij af en aan en in ijlttempo priemen de grepen in de ademende kleefstof, die snel en met vakmansblik gelijkelijk verspreid wordt.

bylden út it libben fan in walsmasinist



• Op it keatsfjild fan Makkum waard de wals ynsetten om de saak goed flak te meitsjen. Mei de 8,5 tonner hie de walsmasinist der gjin muoite mei.

- Dwaande mei it oanbringen fan asfalt op it Bittenserpaad fan Skettens. Links op'e wals Haije.



- Boargemaster Abma sei by Haije syn ôfskie: "Net allinnich de wals fan Strauss, mar ek de wals fan Kooijenga is beroemd." Nei 32 jier yn tsjinst west te hawwen krike hy in moai komke oanbean.

Als Ommen in rust ligt verzonken, verschijnen lichtbundels in de duisternis en de man die de wals bestuurt, kan zien waar hij walst, de ogen die de grepen volgen kunnen zien waar zij de zwarte massa strooien en de opzichter kan zich op de hoogte stellen van een rechtmatige verdeling. Laat in de avond dendert en gromt de wals nog, grijpen de grepen en laait het vuur in het ijzer. Hier wordt niet gerust. Hier is alles leven en arbeid.

Dat wie Haije syn libben, syn wurk dêr't er grutsk op wie en noch is er dat. Yn febrewaris '49 kaam er tichter by hûs oan't wurk. By de gemeente kaam er yn de tarploech. Haije fansels op 'e wals, in twa-silinder AMMANN-motorwals dy't er sels noch fan de trein helle yn Harns. Hy kaam alhiel út Lengental yn Switserlân. Dy wals bestiet noch, mar hy wurdt amper mear brûkt en is suver in monumint oan it wurden. "Mei de reuny ha ik him hjir noch hân. De boargemaster siet doe by my achterop en sa ha ik him doe mei de fersierde wals troch de buorren rideń nei de loads fan Haarsma ta. Ja, dat is ek in moai oantinken hear."

Fan it Heechhûs nei de Ald-Hang

By harren trouwen kamen Haije en Hinke yn't Heechhûs te wenjen. "Wy sieten alhiel links boppe-yn mei de solder derby", fertelt Hinke. Der wennen meardere gesinnen yn en dat moat in fleurige boel west ha. Hiel earlik bekent Hinke dat se dêr de moaiste jierren fan har libben meimakke hat. Haije, dy't yn'e beginjierren fan harren trouwen noch in protte fuort wie en allinne yn'e wykeinen thûskaam, is it der folslein mei iens hoewol er oer syn sfearfolle, histoaryske went oan'e Waltawei ek hiel tefreden is. "Wy ha hjiir ek sa'n moai sicht op 'e feart en it lân mei syn fee, pleatsen en mûnen. Dy moderne mei'k ek wol oer. It is skjinne enerzjy no. Dat ha'k folle leaver as dy kearnsintrales. Praat my dêr net fan", seit Haije as it sintsje krekt wer troch de wolken hinne komt en der in jacht met waskguod oan'e linen troch de trekfeart skoot. "Kinne dy minsken ús moaie doarpke yn elk gefal by moai waar sjen. Dêr wie ek wol ferlet fan, is it net?" fyt Hinke. De minsken op de boat tinke der blykber ek sa oer, want in fideokamera komt foar it ljocht en de skientme fan in Fryske plattelânsdoarpke mei syn spitse toer dy't der sa fier boppe útsteekt, wurdt foar letter fêstlein. Mar werom nei it Heechhûs om Hinke noch eefkes aan it würd te litten.

"Under wennen Ate de Bruin en Richtsje, troch de doar kaamst by Bernardus Koster en by de trep op wennen Janke en Akke Boersma en âlde vrouwe de Vries, Alte Hiltje. Bernardus wie ek al jier of tachtich en dy fertelde in protte oer froeger en sa. Ik mocht dêr graach oer, ik siet te genietsjen als dy âld-kowedriuwer wer op'e tekst wie en net te min ek! Syn ferhalen wienen dan ek faak mâl en frjemd. Wy laken dêr wat ôf, alderraarst. Bernardus sei altiten dat er noch noait in drip drank hân hie. Hy woe dan ek net nei it avondmaal. Mar ûnderstuken hie er mear op as in hiele protte. Opin dei skarrele er wat by syn kammenet om. Ynienen in stik leven as in oardiel. Hoe't it bard wie, witte wy net, mar Bernardus wie ûnder dat kammenet bedarre. It wie omfallen en hy lei dêr ûnder te spinfuotsjen. Soks bliwt jin altiten by no."

Yn '76 binne Haije en Hinke kommen te wenjen dêr't se no noch sitte. Hjirfoar wennen se 23 jier achter de earste twa ruten dêr't Daan van Stigt-Thans no sit. Se ha in wûndermoai plakje en binne dan ek o sa tefreden. Harren went is kreas opknapt. Foaral it nije rût is in grutte ferbettering dêr't Haije fan seit: "Dat hie folle earder moatten." Alles is no sa kreas fanút de noslike stoel te sjen. Doe't wy Haije skillen mei it fersyk fan'e redaksje om ris oer it âlde Tsjerkwert te praten sei er daliks: "Wy koenen dat wolris probearje." Wy ha it besocht en no mar hoopje dat it nei't sin is. It âlde Tsjerkwert is ryk oan moaie ferhalen en dy lizze wy graach yn 't Skieppesturtsje fêst. In oare kear hope wy wer in oar oan it werd te litten.

"VERNUFT EN VOLHARDING"

Us doarpsgenoat en redaksjelid Gerben Wynja hat yn De Haach in ûnderskieding krigen fan it "Molengiftfonds" foar "Vernuft en Volharding".

Dizze ûnderskieding bestie út in oarkonde, mei de folgjende tekst: "als blijk van waardering voor het vernuft en de volharding die hij toonde bij de vele publicaties over molens in Friesland." Ek wie der noch in jildbedrach oan ferbûn. Wy binne dochs wol in bytsje grutsk dat wy dizze man mei sokke kwaliteiten, wêr't se sels yn De Haach fan sprekke, yn ús redaksje ha.

Op dizze wize wolle we Gerben fan herte lokwinskje mei dizze ûnderskieding en we hoopje dat ek wy noch lang fan syn pinnefruchten genietsje meie.

Ut namme fan'e redaksje,
Ineke.

Prakkesaasjes efter it kruirêd

Der wrot in mol op'e molepôle, hy (sy) triuwt de modder dy't er oer hat boppe de grûn. No soe ik him stekke kinne fansels, mar och hy sit my ek neat yn'e wei.

Dit soarte fan metro-libben fan in mol is dochs net sa gek. Se hawwe noait lêst fan waar en wyn en sa lang as Sjoerd Gaaster en Rintsje Bakker de measten fange is der ek net folle kâns op file-foarming.

De mol is grif ien fan de grutste fertsjintwurdigers fan "it libben ûnder de grûn". Dochs is alle libben ûnder de grûn wol tige wichtich.

Alles wat ôfstoarn, weigoaid en bedobbe is, al ieuwen lang, is altyd wer opromme troch in leger fan miten, torren, kevers, tûzenpoaten, skimmels, baktearjen en wjirmen.

Sûnder dizze skjinmakkersploech wiene we allang omkommen yn ús eigen smoargens.

Trochdat al dizze oerbliuwsels nei djippere lagen belâne binne kinne we foar de twadde kear profitearje troch it wer omheech te heljen yn de foarm fan stienkoal, oalje of gas.

As de mol der net west hie, wie de NAM misskien noait op it idee kommen om fan út it Noarden fan ús provinsje 10 km. ûnder it wad te boarjen.

Wat spilet him wat ôf ûnder de grûn!

Under eltse stêd of doarp leit in tizeboel fan buizen en kabels wêrlâns ús alles thûs brocht wurdt. Wetterlieding, elektrysk, telefoon, gas, kabeltv, stedsferwaarming, alles giet troch de grûn. De gasuny hat allinnich al mear as 10.000 km. transportlieding yn Nederlân. En alle smoargens giet wer troch de grûn werom fia it rioel; oant no ta allinich noch op de tichstbewenne, foardieligst aan te lizzen plakken.

Hoe hat it him foarhinne rêden doe't der noch niks yn'e grûn lei. Ja..... de turfskipper soarge dat de kachel oanbleau. De peteroaljeman soarge foar it ljocht en dat der iten searn wurde koe. De reinwettersbak wie de wetterlieding; hielendal fergees. Troch opslach fan iis yn putten koe der simmerdei kuolle wurde. De wyn soarge dat de wynmolens de polders, boppe wetter hâlde koene. De grutte skjinmakkersploech, it libben ûnder de grûn wie it rioel. Der sil wol niks fan ea wer werom komme.

Ja ho,..... ien ding, de wyn!

Efter it kruirêd wei binne der hieltyd mear wyngenerators te tellen, no al 18 yn totaal. Dit is in hert ûnder de riem foar de Beabuorster mole.

Dêrom soe ik sizze: kom op molediei 14 maaie nei de molepôle om dizze âldste enerzjy te besjen. Boppedat is der ek wer wat nijs te sjen. Fam. Folkert Schukken hat in moaie elektryske wynwizer skonken dy't op it molehuske setten is.

De moleman kin no yn 'e hûs sjen wêr't de wynwei komt.

Fierder ynformaasje oer it nije wetterskip "Friesland" ensf.

Oant sjen, Pier Z.



14 maaie: Nationale Molendag

Pier Zijsling skreau der al oer. Op 14 maaie sil it wer heve mei ús nasjonale pronkje de mole. Ek de Beabuorstermole sil yn it ramt fan dit lannelike barren yn aksje komme. Op himsels net sa bysúnder, want dizze muonts is faak genôch yn bedriuw. Dochs is sa'n dei in geskikte aanlieding om wer ris op é molepôle en yn it molehuske te sjen. Dêr komt noch by dat der op 14 maaie aan besiters in kreas moleboekje oer ús Fryske mûnen te keap oanbean wurdt foar it skaplike bedrach fan in ryksdaalder. Dat is suver fergees! It jout gâns ynformaasje oer skiednis, technyk en folkore. Fansels úntbrekt in foto fan de Beabuorstermole net. It boekje is skreaun troch ús redaksjelid Gerben Wijnja. De opbringst fan de ferkeap giet nei de ûnderhâldspot fan de mole.



Het Nederlandse Rode Kruis

Rode Kruis kollekte verandert in Wunseradiel!!

Jaarlijks kloppen honderdduizenden mensen aan bij het Rode Kruis met vragen om hulp bij het overleven of hulp bij het draaglijker maken van het leven. Het Nederlandse Rode Kruis vindt dat het zijn menselijke plicht is om die hulp te geven. Maar... helpen kost geld. Hiervoor houdt het Rode Kruis jaarlijks een kollekte. In onze afdeling deden wij dat met giften-envelopjes die door vrijwillige kollektanten weer opgehaald werden. Er zijn echter steeds meer afdelingen die gebruik maken van acceptgiro-mailing. Vorig jaar is het Rode Kruis uit het landelijke kollekteplan gestapt omdat de toewijzing en de bescherming van de kollekteweeken niet meer naar wens verliep. Mede op advies van het Hoofdbestuur van het Ned Rode Kruis gaan we vanaf heden over op het gebruik van de accept-giro's. Er komt dus GEEN KOLLEKTANT aan de deur maar U ontvangt (waarschijnlijk eind april/begin mei) een ACCEPTGIRO. Geven staat vrij, maar toch. Als U kunt, als U wilt, help het Rode Kruis helpen via het invullen van de acceptgiro!!!



Clubverlaters

Club.

Woensdag 13 april had groep 8 (Lybrich en Welmoed Schakel, Ruth Stel, Minke Dijkstra, Lisette Kootstra, Dies Volbeda en ik) voor het laatst club, dat vind ik heel erg jammer. Wat we op club maakten vond ik altijd leuk maar de éne keer was het leuker dan de andere keer, maar dat geeft niets. We hebben veel dingen gemaakt zoals: naambordje, grote schoen voor Sinterklaas, een robot, een kerstbal, kuitentje voor Pasen. Juf Epie is dit jaar er mee opgehouden, ze heeft dit 8 jaar gedaan. Juf Sietske is er ook mee opgehouden maar als er een ziek is valt ze in. Ik ben er 6 jaar bij geweest en ik vond het hartstikke leuk maar ik zit nu in groep 8 en dus mag ik er volgend jaar niet meer bij en dat vind ik erg jammer.

Groetjes van Anne Bakker.

Klub.

We hiene om'e 2 wiken (op woansdei-te-middei) klub. Doe't wy yn groep 3 sieten, woenen wy hiel graach op klub; dat mocht dus wol. Elke woansdei-te-middei as wy klub hiene, moasten wy in güne meinimme. As wy dy güne ynleveren hiene, moasten wy sitten gean. Dan begong de juf of master te bidden. Dérnei fertelde de juf of master in ferhaal. En dérnei mochten wy aan it wark. We makken altyd hiele leuke dingen. Ik fún klub altyd sa leuk, om't we leuke lieders hiene en om't we altyd wer oare dingen makken.

Skreun troch: Lybrich Schakel.



Klub.

Doe't ik yn groep 3 siet, mocht ik foar it earst nei klub. No sit ik yn groep 8 en bin 13 april foar it lêst nei klub ta west. Ik mei oar jier net wer nei klub om't ik dêr te âld foar bin. Dat fyn ik hiel jammer om't it altyd hiel leuk en gesellich wie. We makken altyd leuke dingen, we hiene leuke masters en juffen en it wie in leuke groep. De earste kearen gongen we meastal ergens hinne en de lêste kearen moasten we ús ferklaacie of we diene spultsjes en krigen patat. Mar no't ik net mear nei klub ta mei, wol ik dochs noch efkes alle masters en juffen fan klub bedanke foar alle ferskrikke-lik leuke klubmiddeis, dy't wy hân ha, want ik fún it hiel leuk!!

Welmoed Schakel.

Club.

Woensdagmiddag kwart over één,
de club begint dus gauw erheen.
Die goede leiders staan al klaar,
dus geld betalen en beginnen maar.
Eerst bidden, dan een verhaal,
en dan, hup, aan het werk allemaal.
De dingen die we maken zijn altijd even leuk,
onder het werk liggen we dan ook in een deuk.
Als wij later aan het werk zitten te denken,
staat een van de leiders ons al weer limonade in te schenken.
Aan het begin en eind van het jaar
staat er ook patat voor ons klaar.
Later, om kwart over twee,
gaan we naar huis en nemen we ons werkje mee.
Om half twee is de beurt aan de ukkies,
die betalen net als ons eerst tien duppies.
Bidden enzo doen zij ook,
dan gaan ze aan de slag met hun werkje: een spook
Een spook van stof en papier,
dat hebben ze allemaal op die club hier.
Toen ik op club kwam zat ik in de derde groep,
wij kleintjes maakten er toen nog van een troep.
De werkjes lukten voor geen meter,
nu kunnen we het natuurlijk vééél beter.
Maar dan wel met hulp van de club.
Als dat zo door zou gaan haalden we nog wel eens de handwerkcup.
Maar wij groep achters komen niet op club volgend jaar,
want club is er voor kinderen van zes tot twaalf jaar.
Wij zijn de club nog lang niet zat,
maar hebben onze tijd helaas gehad.
En als eind van dit verhaal
wil ik zeggen, bedankt juf Thea, Epie, Sytske, Anneke, Iefke
en meester Joop allemaal.



Minke.

Club.

Al zes jaar lang gaan we om de woensdagmiddag naar club.
Van kwart over een tot kwart over 2 gingen groep 6,7 en 8
naar club, van half 2 tot half 3 gingen groep 3,4 en 5.
We maakten altijd wel leuke dingen, dit jaar hebben we
5 knutselwerkjes gemaakt. Nu wij (groep 8) van club af gaan
wil ik alle leiders bedanken voor de afgelopen 6 jaar.

Nogmaals bedankt en veel succes verder,

Ruth.



Parodia trimloop

Bertus van der Veen wint ook 10e PARODIA-trimloop

Tineke Schukken de 'Ellen van Langen' van Tjerkwerd

De 10e (en waarschijnlijk allerlaatste) Parodia-trimloop 1994 vond op zondagmiddag 27 februari plaats onder milde lente-temperaturen. De schaatsen waren nog maar net opgeborgen of de trimschoenen konden alweer aan! In totaal meldden zich 26 'atleten' voor de Parodia-loop, waaronder 3 dames. Dat waren er gelukkig 2 vrouwen meer dan vorig jaar, toen alleen Joke de Jong deelnam. Door een foutje in de mailing bleken enkele erkende trimmers (o.a. Rik Steur) niet op de hoogte te zijn gesteld dat de Parodia-loop op 27 februari zou plaatsvinden. Zij ontbraken dus aan de start. Excuses daarvoor, mensen.

Iedereen ging ervan uit dat Gerrit Wijngaarden de te kloppen man zou zijn bij de senioren. De supersnelle man van de Waltawei had zich immers de gehele winter het leplazerus getraind. Gerrit liet echter verstek gaan, omdat hij een te eenzijdig koersverloop wilde voorkomen. De winnaar van 1993, Bertus van der Veen, had alle reden tot vreugde dat Wijngaarden niet aan de start verscheen. Hij kon nu vrijwel moeiteloos zijn titel prolongeren, al stribbelde Alex Draaisma nog lange tijd tegen.


Dé verrassing van de dag was ongetwijfeld Haye Huitema. Velen wisten wel dat hij een goed loper is maar Haye had nog nooit meegedaan aan de Parodia-loop omdat te bewijzen. Welnu, zijn 3e plaats in de eindrangschikking gaf de definitieve bevestiging. Yeb Witteveen verscheen op een hele originele wijze aan de start: nl. met een Fries paard. Het vermoeden dat hij ter voorbereiding op de Parodia-loop altijd achter zijn viervoeter traant, werd hiermee bewaarheid (?). Yeb en zijn paard 'fjouwerden' in een uitgebalanceerde stijl naar een 13e plaats toe.

Ook in de achterhoede van het deelnemersveld deden verschillende trimmers van zich spreken. Zoals Binke Bakker, die in een heel constant tempo een eindtijd van 46.52 op de klokken bracht.

Bij de jeugd prolongeerde Jolt van Buren zijn titel. In deze categorie liet Sjoerd Wijngaarden een uitstekende indruk achter door als 2e te eindigen met een tijd van 40.53. Sjoerd liet daarmee zelfs 5 senioren achter zich en is zondermeer een trimmerstalent!

Komen we aan bij de dames waar 'Speedy Gonzalez' Tineke Schukken de titel won. Deze snelle, lichtvoetige jongedame rende diverse senioren voorbij alsof ze stilstonden en knabbelde ook nog bijna 2 minuten van haar persoonlijk record af. Oud-kampioene Anita Hendriks moest Tineke Schukken alias 'Ellen van Langen' al snel laten gaan en eindigde liefst 4.17 minuten achter haar jonge rivale. Anke Witteveen maakte een verdienstelijk debuut bij de dames met een tijd van 45.06.

Tot slot ook hulde voor 'veteraan' Wieger Bakker. Hij hield als enige de eer hoog van de wandelaars. Want



waar waren Harke Banga, Pieter Poelstra, Gurbe Brandsma, Freark Schakel, Marten Brandsma en Daan van der Stigtands? Als fervente wandelaars hadden ze mooi mee kunnen doen. Bakker slaagde er niet in om zijn persoonlijk record van 1987 (1.03.40) te overtreffen. Opvallend detail bij deze 10e Parodia-loop: Alleen deelnemster Tineke Schukken wist een persoonlijk record te lopen, de rest slaagde er niet in om te 'pieken'!

Na afloop reikte Joke de Jong de bekers uit en kon het traditionele 'après-trim'-feest dan echt beginnen. De livemuziek werd verzorgd door de Waltahouse Band, bestaande uit Wibo Toering, Roelof Bakker, Reinold Poelstra, Edwin de Boer, Rebecca Adema en Michiel Adema. Laatstgenoemde verzorgde ook nog een akoestische set met Meinze Bakker. Het werd al met al een oergezellige avond. Met de buikjes vol frisdrank, bier en patattekkes toog ieder later tevreden huiswaarts. De Parodia-loop is niet meer.....

Einduitslag 10e Parodia-loop: 1. Bertus v/d Veen 30.23, 2. Alex Draaisma 31.19, 3. Haye Huitema 31.16, 4. Sjoerd Huisman 34.20, 5. Hylco v/d Wal 34.35, 6. Erik Hendriks en Frans Mulder 7. Sico Postma 8. Eduard Witteveen 9. Meinze Bakker 10. Harm de Vries 11. Gerrit Schukken 12. Yeb Witteveen 13. Bertus-Rinke Bakker, Broer Feenstra, Durk Hiemstra 14. Jacob v/d Meer 15. Binke Bakker 16. Wieger Bakker

Dames: 1. Tineke Schukken 37.59 2. Anita Hendriks 42.16 3. Anke Witteveen 45.06.

Jeugd: 1. Jolt van Buren 37.17 2. Sjoerd Wijngaarden 40.53 3. Peter Ouderkerken 46.37 4. Folkert Hofstra 46.46.

Agenda

30 April : Keninginnefeest

12 Maaie : Moledei

Fuotbaljen

Beenhakker en Jansen nemen ontslag na farce

Zaalvoetballers Tjerkwerd knock-out in Makkum

De voetbalselectie van Tjerkwerd toog eind januari vol goede moed richting Makkum om er deel te nemen aan het jaarlijkse dorpenzaalvoetbaltoernooi. De technische staf, bestaande uit Jan Blanksma (Leo Beenhakker) en Broer Feenstra (Wimke Jansen), was vol goede moed omdat ze met een supersterke spelersgroep af konden reizen naar sporthal Maggenheim. Likkebaardt u maar even mee: Johan Velting, Jelle Feenstra, Alex Draaisma, Wim Kunnen, Rudi Mekking, Marcel de Haan en Erik Velting.

Het had vantevoren overigens heel wat voeten in de aarde gehad om Beenhakker en Jansen vast te kunnen leggen als coaches. Na maandenlang onderhandelen tussen de advocaten van de twee 'voetbaldieren' enerzijds en dorpsbelang Tjerkwerd anderzijds kwam men uiteindelijk tot een akkoord op neutraal terrein, nl. in wegrestaurant Zurich bij de Afsluitdijk.

Beenhakker en Jansen gingen uiteindelijk op de volgende voorwaarden in zee met de door Kringloopwinkel-Fashion gesponsorde Tjerkwerder voetbalploeg: Don Leo mocht tijdens het toernooi gewoon in zijn eigen Peek en Kloppenburg-outfit op de bank zitten, Jansen kreeg toestemming om zijn favoriete Hush-Puppie-tennisschoenen (met lagen gravel onder de voetzolen) aan te houden. Na elke wedstrijd hadden de coaches bovenbien recht op een gratis pakje Marlboro. Als klap op de vuurpijl mocht het duo op kosten van dorpsbelang komende zomer een weekendje relaxen op Waddeneiland het Griend.

Met hoog gespannen verwachtingen betraden de 'Skieppesturten' de zaal in Makkum. Geen een tegenstander kon immers zulke gerenommeerde spelers opstellen als Tjerkwerd. Al snel werd echter duidelijk dat een team vol vedetten niet altijd garant staat voor goede prestaties (denk maar aan Oranje op het WK voetbal 1990 in Italië). Tjerkwerd draaide namelijk vanaf het eerste fluitsignaal voor geen meter.

Er schortte van alles aan het spel. Vloeiente combinaties ontbraken en tussen aanval en verdediging gaapte voortdurend een enorm gat. Iedereen stond daardoor als het ware op een 'eilandje' te spelen. Ook de goede vorm en de noodzakelijke strijdlust ontbraken. Erik Velting en Alex Draaisma misten voortdurend de mooiste kansen, Marcel de Haan voerde zijn acties vaak net even te ver door, Jelle Feenstra, die nog slechts 1 dag per jaar competitie voetbalt, miste duidelijk wedstrijdritme en Wim Kunnen werkte hard maar wist ook geen stempel op de ploeg drukken. Keeper Rudi Mekking kon eigenlijk weinig verweten worden al trad hij enkele malen wat 'Menzo-iaans' op in zijn doelgebied.

Het was 'good old' Johan Velting die Tjerkwerd tijdens het toernooi voor een groot deel op de been hield. Achterin hield ie de boel telkens redelijk goed dicht en toen de aanvallers er maar niet in slaagden om te scoren, schopte Johan er persoonlijk maar enkele ballen in. Een gelijkspel tegen Wons en nipte overwinningen op Parrega en Schraard verdoezelden de zwakte van Tjerkwerd nog lange tijd maar tegen het voor de titel al uitgeschakelde (!) Gaast/Ferwoude ging Tjerkwerd lelijk onderuit. Via messcherpe counters kwam Gaast/Ferwoude met 2-0 voor.

Beenhakker schreeuwde zich aan de kant de longen uit het lijf en besloot uiteindelijk zijn eigen assistent Wimke Jansen het speelveld in te sturen om het tij te doen keren. Tevergeefs. Vijf minuten wedstrijdtijd leverden hem slechts een open knie en zware ademhalingsproblemen op. Ook de beheerder van de sporthal was allesbehalve blij met het optreden van Jansen omdat deze enorme gravelsporen achterliet op de vloer van de hal..... Met een 3-1 nederlaag droop Tjerkwerd af. In de laatste wedstrijd werd latere kampioen Schettens nog wel afgedroogd maar de beteuterde gezichten van de Tjerkwerders na afloop van het toernooi spraken boekdelen. Beenhakker en Jansen trokken zich de blamage zo aan dat ze onmiddellijk hun ontslag indienden. Voor hen schijnt zich nu een club uit Jemen te hebben gemeld. Eindstand Zaalcompetitie: 1. Schettens 2. Wons 3. Tjerkwerd 4. Gaast/Ferwoude 5. Schraard 6. Parrega

Biljerten

Biljartclub H.T.S. (= Harmen Tjamme Sint)

Het winterseizoen is weer ten einde. De biljartclub heeft zijn laatste avond gehad op 12 april jl.

Op deze avond heeft de prijsuitreiking plaats gevonden van de competitie 1993-1994.

Op nr. 1. G. Wijnja en dus kampioen!!
nr. 2. H. Huitema
nr. 3. S. Hiemstra

Hierna werd er nog twee keer het spelletje "bakje-biljart" gespeeld, met tussendoor het nuttigen van het aanwezige koud buffet, wat in samenwerking met de kaartclub was gereeld.

Voor het overige een prettige zomer toegewenst en tot ziens bij het begin van het nieuwe seizoen.

Het Bestuur.



Keatsen

Op 30 april sil de eerste bal wel wer slein wurde.
De keatsklub sil dêrhej ek wer los!

Op 10 maaie is de eerste jûn dat we mei seare han-nen thûs komme kinne.
It is de bedoeling om sa'n 15 kear te keatsen. As alles meisit binne der 4 groepen:

- a. froulju
- b. senioaren
- c. junioaren (12 - 16 jier)
- d. bern (fan 'e basisskoalje)

De fêste jûn is de tiisdei-te-jûn. It begjint om 19.00 oere; wa't letter komt hat gjin rjochten.

Foar dë bern jildt in minimum ieeftiid: hja moatte op 1 maaie 1994 10 jier wêze (dus: ien maaie tsien jier) en de tafel fan 2 kenne oant 8 ta!!!

Kontribúsje:

a. froulju	f 15,-
b. senioaren	f 15,-
c. junioaren (12 - 16 jier)	f 10,-
d. bern	f 10,-

- * by twa bern ut ien hûshâlding it twadde bern f 7,50
- * by trije of mear bern ut ien hûshâlding f 5,-

De kontribúsje moet de earste kear (úterlik de twadde kear) betelle wurde.

Wy hoopje op in sportyf keatsseizoen 1994.

Oant sjen yn 'e keatsarena,

I.S.

J.D.

Bydragen

Y. Kroontje, Singel; vrou S. Witteveen-Andela, Boalsert;
H. Schakel, Sylroede; B. Burghgraef, Boalsert; A.v. Lingen,
Singel; B. Speerstra, Singel; P. Tolsma, Beabuorren; C. Gaas-
tra, Parregea; Y. Witteveen, Beabuorren; vrou A. de Jong-
Jorritsma, Waltawai; Tj. de Jong-Jorritsma; W. Bootsma,
Seisbierum; P. Burghgraef, Jousterp; vrou K. Abma, Boalsert.

Tige tank!

It korps

Beste Dorpsgenoten.

Hier even een berichtje van het korps. Zoals jullie vast wel weten hebben we een nieuwe dirigente. Ze komt uit Makkum en ze heet Nynke Dijkstra.

Zoals het er nu voor staat blijft ze tot de grote zomervakantie bij ons dirigeren. Hartstikke mooi dus.

9 april hebben we onze jaarlijks concert in "It Waltahûs" gehouden. De zaal was knap bezet.

We hadden een goede bass-solist: Boer Evert die een solo had in het stuk: Farmers Fair. Hij had hier het boere-jasje bij aangetrokken.

Ook hadden we een stuk "Dreaming" waarbij we twee zangers hadden n.l. Herke Bakker en Sietse Gietema. Zoals u ziet was het een zeer geslaagde avond.

De nieuwe leerlingen die op hun instrument die avond een paar stukjes voor ons hebben gespeeld zitten nu bij het korps "Eensgezindheid". Hier zijn we natuurlijk hartstikke blij mee, maar er kunnen nog veel meer leden bij, want als dit niet gebeurt kan het korps niet lang meer bestaan.

Want als éénmaal een korps in een dorp niet meer kan bestaan, dan zal deze zich nooit opnieuw kunnen oprichten.

Daarom een oproep dat we veel steun nodig hebben van "jullie", dorpsgenoten. Kom erbij en help het korps "Eensgezindheid" bestaan voor nog vele jaren.

Tot ziens, Het Bestuur.

Boargerlike stân

BOARGERLIKE STAN:

*Trots en blij geven Wieko en Anita Hekkema-Kliffen kennis van de geboorte van hun zoon:

BART

Hij is geboren op 5 april op de Sylroede nr. 16. Hierbij wensen wij jullie veel geluk met hem.



*Us redaksjelid Gerben en Iefke wiene op 16 april 12½ jier trouwd. Lokwinske allebeide.

*Op 7 april kaam Wiep Schakel-Miedema tige hastich te ferstjerren. Sy waard 65 jier en hjirby wolle wy Freark Schakel en fierdere famylje folle sterkte tawinskje mei dit ferlies.

*Ek úntfoel ús noch in doarpsgenoate: Frou Koopmans-Jorritsma. Dit wie op 15 april. Se waard 85 jier en wenne aan 'e Waltawai.

Snypsnaren

ALDNIJS.



- 1977 Der strûnde in earrebarre yn it gea om.
Yn '77 tocht Ids noch dat in earrebarre in frjemdsoartige
boarre wie.....
Hy sil no sa njonkenlytsen wol better witte.
- 1978 Sybren en Tine fange in keal mei fiif poaten, ien dêrfan
sit op'e rêch.
It earme bist hat mar 5 minuten libbe: 1 minút per poat..
- 1979 De Sniewinter. De Ymswâldsters seure aloan om spul op'e
leane. No hawwe se spul (snie) op'e leane en no seure
se al wer; no om it der ôf te krijen.
In Tsjerkwerter: "Sommige minsken binne ek nea tefreden!"
Mar je sjogge mar wer: in grinende ko kriget nochris wat!
- 1980 "Cineast" Brandt Volbeda hat in film makke dy't op 'e
gearnkomste fan 'e iisferiening draaid wurde sil.
In elts wit nò noch hokker film der bedoeld wurdt...
- 1981 Jan Witteveen wie sa bliid dat er trouw wie, dat er de
flage wol in wike úthingje liet.
Hoe lang hat de flage eins hongen doe't se lêsten $12\frac{1}{2}$
jier trouw wiene?
- 1982 Ineke D. soe fervje; mei de knappe klean oan gyng it los,
mar dan moatte je de pot net falle litte fansels!
Dat barde wol en broek en flierkleed waarden brún.
(want sjoch, doe sieten we noch yn'e brune perioade.)
- 1983 "Eensgezindheid" hat in nije diriginte.
Foar it earst yn 60 jier hantearret in vrou it dirigear-
stokje. De manlike ledèn sjogge no gâns mear nei de diri-
ginte.
- De skiednis hat him herhelle: De hjoeddeistige diriginte
boeit net allinne de spilers, mar èk de taharkers.
- 1984 De korpsleden brûke yn It Waltahûs in krante foar de flibe.
Hein G. lêst de sportpagina en sjocht efkes fierder op
in kreas frommeske yn in koarte broek. Hein: "Dizze side
hâld ik jûn foar my."
- Hein, it korps wol der graach wer wat nije âldleden by
ha, as.... we..... der no werris sa'n soarte krante del-
leine, soest dan wol wer blaze wolle????
- 1985 Yn '85 waard Hille al warskôge foar naderjend ûnheil.
Jos F. knipte in stikje fan syn tomme ôf.
Buorman Hessel woe net efterbliuwe en seage yn't plak
fan yn'e parrebeam yn syn eigen tomme. Risselstaat: 6 hech-
tingen. Advys doe aan Hille: Fersichtich, it komt dyn
kant út. (Mar dat soe Hille net oerkomme, de eagen mar
goed iepen, tocht er)



It ûnheil soe pas yn '94 oer him komme; hy waard midden yn'e nacht, doe't er de eagen ticht hie, bestellen. In mins kin fansels net 9 jier op syn iepenst wêze.

1986 Durk v.d. Veen trimt by nacht, want hy wol it net earlik wêze. In nachtdraver dus.

No is't al safier dat er him troch syn hûnen lûke lit en dat sels op ljochtskynde!

1987 De liederij fan 'e tsjerke is yn'e war. Okkernachts hat er 3 kertier let. De doarpsgenoaten wiene it sa sêd as grôt. Michiel kaam by de toer èn de klok staakte it liedien; it each fan 'e master!

Momintlik is de liederij wer fan slach.
Michiel, der efkes hinne!



1988 Dat it waar net allinne nò fan streek is blykt hjirút:

It waar is alhiel fan streek. Doe't ien fan 'e redaksjeleden de foardoar iepen die, fleach der samar in hazze yn'e hûs en doe't Rients Posth. okkerdeis ôfljochtsje soe, fûn er in muskusrôt op in toppe strie oer de bût-hûsfluer.

1989 It wetterskip is allang net mehr in oangelegenheid foar boeren allinne. Sjoen de nammen fan de stemburoleden yn dat jier, soene je dat oars net sizze: K.S. de Boer, boer Hein, boer Jelte, B. de Boer en R. Boersma.

1990 Flapper hat fam. Harkema foar syn hûs flapt.

1991 Haije Kooijinga soe ús útdútse hoe't it om en tagong yn 'e operaasjekeamer.

"Je moatte mar tinke, doe't ik it kapke opkrige like ik krekt in pittbull-terriër (wol in lytsenien fansels en alhiel net kwea...)

1992 Op 'e redaksjegearkomste hiene we it oer it grutte oantal swartlêzers; ús wurden wiene noch net kåld of dêr kaam D. Jorritsma alhiel út Kalifornië deryn om ús persoanlik in bydrage foar It Skieppesturtsje te bringen.
Doe wiene we stil....

1993 Der binne inkele monuminten yn Tsjerkwert pleatst op 'e monuminte-ynventarisajelist: de tichtset, it molehûske en de pisherne op 'e Kade.

Wat hat Okke Kade no dien? Hy hat fan 'e pisbak in blombak makke.... Hjirmei hat Okke neist de pôt pissee!



SNYPSNAREN.

*Nei rom 17 jier, it 100e Skieppesturtsje! Wè grutsk!
Wat mei vrou Huitema dan wol net wêze! 100 jier!
Dat is 600 Skieppesturtsjes âld!

*Wiko kaam sa as bekend lêsten mei 2 grutte muzykboksen thús;
yn'e loop wei kocht fan mânlu yn in buske. Wy fûnen dat soks
net stjonke hoegde. Mar it stonk wol! Hy hat der net lang
wille fan hân....

*Wiko en Anita ha der koartlyn noch in boukavel bykocht.
Dêr komt lytse Bart (Bartje) skylk op te stean yn'e bernewein.

*De Volbeda's ha wetterskildpodsjes. Ien dêrfan like nei in
deistich kuierke fan de ierdboaiem ferdwûn:
Twa wike letter waard er by tafal efter de gleone ferwaar.
ming oantroffen. Dea?
Wol nee, mar earst wer yn it wetter, naam er wol in pear fikse
slokken....

*Phün soe har folle sek mei GFT-ôffal troch de keamer nei bûten
ta bringe. Foardat se bûten wie, wie de sek al leech; in spoar
fan kofjetsjok, teepûden en oare smurje efterlittend...

*Doede W. hat in nije opel.
De reklamekampanje fan 'e Trabantfabryk hat him dus net
oerhelje kinnen.

*Jan Bl. wie de gelokkige finer fan it 1ste ljipaaï fan ús
doarp. Anno G. skille sawat in wike letter dat er 3 aaien
fûn hie. De earsten? Nee! Mar wol it earste tredsje dat
we offisjeel trochkrigen.

*De Van Lingens hiene in útsje fan Nestlé. It wie gesellich
en der wie fanalles te iten en te drinken. Frou Van Lingen
wie goed sún en koe wol foar in wike iten op!
Mar dat betsjutte ek hast in wike lêst!

*Ane en Marja ha in kastrearde.....knyn!
Ha je oait! Hy leit no as in laam oer't hok.

*Lytse Freerkje wie yn har lytse fingerke biten troch in
frustrearre mantsjeknyn. Kastrearje dat bist! Gjin tèl meer
wachtsje! (Ynformaasje by Ane en Marja).

*Yeb Witteveen koe "de parodia-loop" net winne.
Hy beskikte mar oer 1 p.k., net ûnder de man, mar fóár de
man. Hy hie wol de publyksprijs!

*Sjoukje D. wie der as earste by doe't de pony fan famylje
De Boer smiten hie. Sj. snapte net dat je tidens sa'n wichtich
barren rëstich nei de t.v. sitte koenen te sjen.
Minsken hoege net alles te regeljen Sjoukje!



- *Pony "Beppe Polly Dijkstra" (18 jier) is foar de earste kear mem wurden.
- *It is tradysje om oaljebollen te bakken as in hynder in foaltsje smiten hat. Der binne al ferskeidene kearen oaljebolledampen fan de Dijkstra's-pleats nei Tsjerkwert oerwaaidide lêste moannen.
- *Jelle Zijsling docht it mei in opblaaspoppe; (namme: Thea 2.) (it = gânzen en swannen ferjeie)
- *Tsjalke v.d. M. docht it mei stikken wyt fladderjend plestik. (it = sjoch boppesteande snypsnaar) Mar de swannen sjogge it plestik foar soartgenoaten aan en se strike dêrtroch yn keppels del....
(Ut :"De psychologie van de witte zwaan")
- *Der is stellen by Hille en Lutske. In opblaaspoppe fan Data-vet (mei sirene en swaailjocht) helpt dan wol net tsjin gânzen, mar miskien wol tsjin dieven.
- *Us redaksjelid Germ. W. is nèt sa min. Hy is net allinne útkeazen foar de jierpriis fan de "Stichting Molengiftenfonds" foar syn "Vernuft en volharding" betreffende publikaasjes oer molens yn Fryslân. Nee, hy is ek noch biljertkampioen wurden.
By de útrikking fan de wikselsebeker skitterde G. troch ôfwêzichheid. Thús, omdat er útskeakele wie troch it molefirus.
- *Der waart yn Tsjerkwert in agressyffirus rûn dat allinne groepen besmet. De ynkubaasjetiid rint útien fan inkele wiken oant inkele moannen (soms noch langer). Hjirnei utert de sykte him trochdat de besmette groep him keart tsjin in inkeling en dy dan sadwaande besiket lyts te krijen.
- *Nei 3 epidemiën is men ferplichte de "Dienst Volsgezondheid" yn te skeakeljen. Der binne no penesilline-eftige medisinen foarskreaun yn te nimmen troch it hiele doarp.
Dosearing: deis 3x2 drippen ferdraachsumheid
 3x2 drippen begryp
 1x100 drippen neisteleafde
 Dit 1 jier folhâlde.
- *De leden fan "Eensgezindheid" binne frijsteld. Sì binne immún.
- *Sylroede 23 is ryk 2 kampers, 3 auto's (+ 1 Trabant), 9 fytsen, 2½ brommer, 3 boaten, 2 skateboards, 1 surfplank, 1 skelter.... Se kinne dus alle kanten út, mar sitte leafst gesellich thús.
- *Ane en Marja ha in keninklike badkeamer krigen. De ezelinneholle ûntbrekt der noch mar oan.



Skiepesturt lêzer:

BOUWE SPEERSTRA.

*Maria Dijkstra soe jild betelje op klub. "Master" Joop wie der net sa by mei de holle.

Maria: Joop syn harsens sliepe noch.....

*It tsjerkekoar hat neffens ynsiders in bûtengewoan moaie, mar foaral gefoelige útfiering jûn.

En dat wylst Joop Nota in kikkert yn'e kiel hie.....

Kikkerts kinne dat ek òch sa gefoelich hin, op in moaie simmer-jûn....

Dan soe it sukses wolris aan Joop taskreaun wurde kinne.

*De "nijboer" op Jonkershuizen hjit Nieboer.

*Us fiskfanaten Leen en Ids binne wer in wike nei Denemarken west. De fangst is it fermelden net wurdich.

Soe Visvliet net wat wêze foar takom-jier?

Jim kin grif wol foar ûnderdak by Ane en Sary de Boer terjochte.

*Sytske D. joech mei salmonella baktearjen besmette Brinta oan 'e hûn. Libbet er eins noch?

*Jehannes D. hold de kop derfoar. Ik yt al jierren Brinta. Wat soe't! Ik bin gjin poppe, net op jierren en net swanger. My kin neat oerkommé !

*Nei Ûndersyk die blikken dat in fûgelpoepke mooglik de oarsaak west wie fan de "spraakmakende Brinta-affaire".

It sil wol efkes slokken west ha foar Jehannes.

Ik tink dat er doe sokssawat sein hat as: Guon minsken ite fûgelnestkes, wêrom dan gjin fûgelpoep. It wie ek noch mar in poepke!

Foaral no't it wer maitiid is, mis ik dy Trixie.

Doerak.

*It studintelibben falt yn bepaalde opsichten net ta.

Lûdsoerlêst en tè droege lucht bygelyks.

Daar hebben ze het volgende op gevonden. "Kotex super" foar de earen tsjin lûdsoerlêst en in wiete doek oer de holle tsjin tè droege lucht. Moai gesicht sil dat wêze.

*De lêste kear koene we meidiele dat der wer 2 nearingdwaanden yn ús doarp binne. De wurden binne noch net kåld of der binne al 4! Durk Br. en Johan G. ha beide in handelsûndernimming. It binne kollega's èn konkurrenten. Se sille der sadwaande wol in agressive ferkeaptechnyk opnei hâlde.

*Hille S. moast efkes (h.....iel efkes) nei de bakker en parkeerde de auto op it ynvalide-plak. Mar wòl betrapt! Him waard frege oft er in handicap hie. Wat Hille antwurde hat, witte we net, mar hy kaam mei de skrik vrij. (Wè wisten oars fan gjin gebrek, it mei hijr dan ek wol om in "verborgen gebrek" geaan.)

*Kopy en snypsnaren graach fóár 15 juny.

